

Fan de Jongfryske Mienskip.

In kulturele feriening (1915) dy't him ynset foar de lykberjochting fan it Fryske folk.
Skriuwadres: jongfryskemienskip@gmail.com

Underwerp

Taal diskriminaasje ING bank

Achte hear / mefrou,

Ik skriuw jo út namme fan de Jongfryske Mienskip om ús noed te uterjen oer de resinte taaldiskriminaasje by de ING Bank yn Ljouwert. It is ús op it aljemint kommen dat de haadkantoar fan de ING bank yn Amsterdam, Fryske meiwurkers fan de ING bank yn Ljouwert ferbiedt om oan de telefoan Frysk te praten mei Frysktalige klanten, sels as de klant yn it Frysk praat.

It giet yn tsjin de útgongspunten fan Artikel 1 fan de Nederlânske Grûnwet en de Algemiene Wet Gelikense Behanneling (AWGB). Taal mei gjin reden wêze om in oar oars te behanneljen of te beneidielen. It is in wichtich prinsipe om in ynklusive en rjochtfeardige mienskip te befoarderjen. De ING bank is primêr in ynstitúsje yn 'e maatskippij, sadat de maatskippij ek goed funksjonearret. Ynstitúsjonele diskriminaasje is ferbean yn Nederlân!

Dat is in ernstige saak dy't net allinnich de Fryske mienskip rekket, mar ek in bredere kwestje fan taalferskaat en respekt foar regionale talen oanbelanget. De bank tsjûget derfan gjin inkeld histoarysk besef mear te hawwen. Seker om't guon banken yn de krisis oerein bleaun binne mei oerheidsstipe. Yn 'e finansjele krisis fan 2008 hat de ING Bank oerheidsstipe krigen fan 10 miljard euro.

It Frysk is in offisjele taal yn Nederlân en hat in rike skiednis en kultuer. It is fan grut belang dat bedriuwen lykas de ING harren bewust binne fan de wearde fan it Frysk en de positive ympakt dy't it brûken fan dy taal hawwe kin op klantfredenheid en ferkeap. Undersyk hat oantoand dat it brûken fan de Fryske taal binnen bedriuwen de drompel ferleget en klanten better temjitte komt.

Wy begripe dat de ING in grutte organisaasje is mei klanten út hiel Nederlân. Lykwols, wy wolle mei klam sizze dat it mooglik wêze moat om klanten yn it Frysk te wurd te stean, benammen yn regio's dêr't it Frysk in wichtige rol spilet en stypje meartalige klanten op in echte ynklusive wize.

Wy freegje de ING om har taalbelied te wersjen en de klantenservice yn it Frysk oan te bieden. De neamde reden foar monitoaring allinnich yn it Nederlânsk en it Ingelsk is in drogreden. Hjoed-de-dei brûke al in soad minsken en bedriuwen de automatyske oersetter AI (Artificial Intelligence). Foar ferslachiizing is AI ynsteat om as automatyske oersetter te fungearjen foar ferskate talen yn Europa. AI stipet ek de Fryske taal!

Op dit stuit hat de groeiende feriening Jongfryske Mienskip foar syn leden de rekken by de ING bank. De Jongfryske Mienskip fertsjintwurdiget de belangen fan syn leden. As der gjin feroaring yn positive sin komt oangeande in klantfreonliker taalbelied, dan binne wy twongen om nei in oare bank oer te stappen. Ek sille wy as bestjoer oerwage om in formele oanklacht yn te tsjinjen fan taaldiskriminaasje by it Iepenbier Ministearje en/of it Gerjochtshôf.

Wy hoopje dat de ING bank iepenstiet foar boppesteande dialoach en syn taalbelied oanpast om temjitte te kommen oan de winsken en rjochten fan de Fryske mienskip.

Wy freegje jo binnen 8 wiken te reagearjen op ús fersyk.

Ut namme fan:
De Jongfryske Mienskip,
Bestjoerslid Sjoerd Groenhof

Mei ûnderskreaun troch:
Stifting European Language Rights,
Sekretaris Gabor Landman

Mei ûnderskreaun troch:
Tûmba discriminatie.nl/Fryslan
Direktrise Mirka Antolović -Tipurić

Van de Jongfryske Mienskip.

Een culturele vereniging (1915) die zich inzet voor de gelijkberechting van het Friese volk.
Correspondentieadres: jongfryskemienskip@gmail.com

Onderwerp

Taal discriminatie ING bank

Geachte heer / mevrouw,

Namens de Jongfryske Mienskip schrijf ik u om onze zorgen te uiten over de recente taaldiscriminatie bij de ING Bank in Leeuwarden. Wij hebben kennis genomen dat het hoofdkantoor van de ING bank in Amsterdam, Friese medewerkers van de ING bank in Leeuwarden verbiedt om Fries aan de telefoon te spreken met Friessprekende klanten, ook al spreekt de klant Fries.

Het is in strijd met de beginselen van artikel 1 van de Grondwet en de Algemene Wet Gelijke Behandeling (AWGB). Taal mag geen reden zijn om anderen verschillend te behandelen of te benadelen. Het is een belangrijk principe om een inclusieve en rechtvaardige samenleving te bevorderen. De ING bank is in de eerste plaats een instituut in de samenleving, zodat de samenleving ook goed functioneert. Institutionele discriminatie is in Nederland verboden!

Dit is een ernstige zaak die niet alleen de Friese samenleving raakt, maar ook een breder vraagstuk van taaldiversiteit en respect voor streektalen betreft. De bank laat zien geen historisch besef meer te hebben. Vooral omdat sommige banken de crisis met overheidssteun hebben overleefd. Tijdens de financiële crisis van 2008 ontving ING Bank overheidssteun van 10 miljard euro.

Het Fries is een officiële taal in Nederland en kent een rijke geschiedenis en cultuur. Het is van groot belang dat bedrijven als ING zich bewust zijn van de waarde van het Fries en de positieve impact die het gebruik van deze taal kan hebben op de klanttevredenheid en omzet. Uit onderzoek is gebleken dat het gebruik van de Friese taal binnen bedrijven de drempel verlaagt en klanten beter bedient.

Wij begrijpen dat ING een grote organisatie is met klanten uit heel Nederland. Wij willen echter benadrukken dat het mogelijk moet zijn om klanten in het Fries te woord te staan, vooral in regio's waar het Fries een belangrijke rol speelt, en om meertalige klanten op een werkelijk inclusieve manier te ondersteunen.

Wij vragen ING om hun taalbeleid te herzien en klantenservice in het Fries aan te bieden. De opgegeven reden om alleen in het Nederlands en Engels te kunnen monitoren is een drogreden. Tegenwoordig maken veel mensen en bedrijven al gebruik van de automatische vertaler AI (Artificiële Intelligentie). Voor rapportage kan AI fungeren als automatische vertaler voor verschillende talen in Europa. AI ondersteunt ook de Friese taal!

De groeiende vereniging Jongfryske Mienskip heeft momenteel voor haar leden een rekening bij de ING bank. De Jongfryske Mienskip behartigt de belangen van haar leden. Als er geen positieve verandering komt ten aanzien van een klantvriendelijker taalbeleid, zullen wij genoodzaakt zijn over te stappen naar een andere bank. Als bestuur overwegen wij ook om een formele klacht wegens taaldiscriminatie in te dienen bij het Openbaar Ministerie en/of de Rechtbank.

Wij hopen dat de ING bank openstaat voor bovenstaande dialoog en zijn taalbeleid aangepast aan de wensen en rechten van de Friese samenleving.

Wij vragen u om binnen 8 weken op ons verzoek te reageren.

Uit naam van:
De Jongfryske Mienskip,
Bestuurslid Sjoerd Groenhof

Mede onderschreven door:
Stichting European Language Rights,
Secretaris Gabor Landman

Mede onderschreven door:
Tûmba discriminatie.nl/Fryslan
Directrice Mirka Antolović -Tipurić